

14 En dat bliid boadskip fan Gods hearskippij sil preke wurde yn 'e hiele bewenne wrâld, dat alle folken tsjûgenis krije, en dan komt de ein.

15 Wannear 't jim dus it ferrinnewearjend stik ôfgriis, dat troch de profeet Daniël foarsein is, stean sjogge op in hillich stee – dy't dit lêst, moat it beseffe – 16 dan moatte dy yn Judéa flechtsje nei de bergen, 17 de man op it dak moat net mear nei ûnderen om syn dingen út 'e hûs te heljen, 18 en de man op it lân moat net mear weromgean om syn mantel op te heljen. 19 En wee de froulju dy't swier binne en dy't bern oan 't boarst hawwe krekt yn dy dagen. 20 En jim meie wol bidde dat it net by 't winter falt dat jim flechtsje moatte en ek net op sabbat. 21 Want der komt dan in grutte benearing, sa't der net oan te wizen is fan it begjin fan 'e wrâld ôf oan no ta, en sa'nes komt der ek net wer. 22 En as dy dagen net ynkoarte wurde soene, dan waard der gjin libbene siel rêden. Mar om dy't útkeazen binne, sille dy dagen ynkoarte wurde.

23 As op dat stuit ien tsjin jimme seit: Sjoch, hjir is de Kristus! – of: Hjirre! – dan moatte jim it net leauwe. 24 Want der sille sabeare Kristussen en sabeare profeten oerein komme en grutte tekens fertoane en merakels, dat se, wie dat mooglik, sels op 'e doele bringe dy't útkeazen binne. 25 Sjedêr; no haw 'k it jim foarút sein. 26 Dat as se tsjin jim sizze: Sjoch, Hy sit yn 'e woastyn! – dan moatte jim der net op útgean – Sjoch, Hy sit ûnderdûkt! – dan moatte jim it net leauwe. 27 Want sa't de wjerljocht út it easten wei komt en oan it westen ta opljochtet, sa wurdt it as de Minskesoan sa fier is. 28 Wêr't it kring ek leit, dêr sammelje de gieren har wol.

29 En fuort nei de benearing fan dy dagen:

*sil de sinne fertsjustere wurde,
en de moanne syn skynsel net jaan,
en de stjerren boppe út 'e loft wei falle
en de himelske machten yn ûnstjoer reitsje.*

30 En dan sil it teken fan de Minskesoan yn 'e loft ferskine, en dan sille alle stammen fan 'e ierde mâlbeare en se sille de Minskesoan kommen sjen op 'e wolken yn 'e loft mei macht en grutte hearlikheid. 31 En Hy sil syn ingels derop útstjoere mei in grutte trompet, en dy sille dy't fan Him útkeazen binne byinoar bringe út alle fjouwer wynstreken wei, fan 'e iene hoeke fan 'e himel oan 'e oare ta.

32 Mar lear fan 'e figebeam dizze gelikenis: wannear 't de twiich al sêft wurdt en de blêden sprute út, dan begripe jim dat de simmer deroan komt. 33 Sa moatte jimme ek begripe, wannear 't jimme dat allegearre sjogge, dat it flak foar de doar stiet. 34 Jawier, Ik sis jimme: Dit laach sil grif net ferdwine foardat dat allegear bart. 35 Himel en ierde sille ferdwine, mar myn wurden sille grif net ferdwine.

Dit stik befettet gjin grutte swierrichheden op oersettersmêd - wat fansels noch net sizze wol, dat it fuortendaliks begryplik is, lit stean wat men as bibellêzer hjirmei oan moat. Mar dat is de opjefte fan de útlis en de preek. De oersetting op himsels jout net folle problemen.

Dêrom like my dizze perikoop wol gaadlik ta, om de oersetting wat mear yn detail te ferlykjen mei de NFBO fan 1978. Fansels kinne net alle punten dêr't de oersettings fan elkoar ôfwike beneamd wurde. Foar in part hat dat ek te krijen mei foarkar fan wurdkar en folchoarder en sinsbou. Mar der binne ek genôch punten, dy't meskien it karakter fan dizze oersetting yn ferliking mei de besteande Fryske Bibel nei foaren ta komme litte.

wurdkar

Dan begjinne wy mei in pear gefallen fan it iene wurd of it oare. Yn fers 14 haw ik keazen foar *tsjûgenis* yn stee fan *getugenis*. Yn 1978 is der keazen om mei dat wurd oan te sluten by de sprektaal. Mar yn 'e skriuwtal hat dat wurd it net rêden, en wurdt eins aliten keazen foar *tsjûgenis*

of *tsjûge*. Ik seach gjin reden om dêrfan ôf te wiken yn dizze oersetting.

By fers 19, de froulju dy't *swier* binne, heart in lyts ferhaaltsje. Fan 1978 ôf waard by ús thús nei iten út 'e Fryske Bibel lêzen. Yn 'e regel gong dat fan Genesis nei Iepenbiering en dan wer op 'en nij, mar der waard wol rekken holden mei de wichtichtste dagen fan it tsjerklik jier, dat mei Kryst waarden Lukas 2 en Mattéus 2 lêzen. En alle jierren wer as Lukas 2 lêzen waard, kaam dat ienriedich skodholjen fan heit en mem by fers 5: *syn breid, dy't yn ferwachting wie*. Dat moast *swier* wêze. It moaie is wer, dat dat wurd yn dy betsjutting eins net folle by ús brûkt waard - der waard dan sein, dat dy en dy *in lytsenien ferwachte*. Mar *yn ferwachting wêze* koe foar harren taalgefoel echt net, en mei *swier* haw ik dizze beide bibellêzers earlik sein ek in bytsje earje wollen. De leafde foar de Bibel haw ik by harren oan 'e iterstafel meikrige.

Yn 'e fersen 22, 23 en 31 brûkt de NFBO it wurd *útkarden*. Dat is no in wurd dat foar myn gefoel ûnnedich fier fan it gewoane Frysk ôfstiet, en likegoed ferfongen wurde kin troch *dy't útkeazen binne*.

Yn fers 34 haw ik nei lang twiveljen keazen foar *dit laach*. Mar ik bin der noch net oer út, en alle help fan datoangeande is my wolkom. Meskien bin ik te puristysk, mar it wurd *ginnersasje* fyn ik yn in bibeloersetting gewoan net moai - it is te dúdlik yn resinte tiden yn ús taal kommen en fielt noch altyd as in lienwurd, en lienwurden passe gefoelsmjittich net yn 'e oersetting fan in âlde tekst. Itselde probleem hie ik fansels yn haadstik 1, mei de trije kear fjirtjin *stagen* - sa hie ik it earst. Mar neffens frisisten is in *staach* just in 'fertikale' *tûke* fan 'e femylje (alle neiteam fan ien beskate foarfaar), en net sis mar in 'horizontale' trochsneed fan alle neiteam dy't op likenze ôfstân fan in mienskiplike foarfaar steane (dus alle bern, of alle pake- en beppesizzers, of alle oerpake- en -beppesizzers). Mar hoe sizze jo dat no eins yn 'e gewoane sprektaal? Foar myn gefoel, as sis mar de lêste omke of muoike oan ien kant stoarn is, wurdt der dochs wol sein 'dat wie de lêste fan dat laach' of 'no is dat laach der net mear' - mar ik bin der net mear wis fan. Yn haadstik 2 haw ik my riede litten en keazen foar *slachten*, mar dat fûn ik hjir, yn in net-genéalogyske kontekst, net moai. Dan mar *laach*. Mar oft it goed is?

tiidwurden

Der binne ek wer in pear gefallen dat it krekt komt mei it tiidwurd. Yn fers 20 wurdt mei it tiidwurd oanjûn, dat it bidden in skoft oanhâldt. Dus net: ien kear in gebed, mar geregeldwei hjirom bidde. Ik haw besocht om dat út te drukken mei *Jim meie wol bidde* ynsteed fan *Bid mar*.

Yn fers 21 is der ek in wichtige nûânse, dy't yn in protte oersettings weiwurdt. De NFBO seit: 'Want it giet sà mâl as it *noch noait gien* is fan it oanbegjin fan 'e wrâld ôf oan no ta ...' Hjir liket in ferwizing nei eardere ferfolgings of benearings te stean. Mar it tiidwurd is in saneamd perfektum, en dat betsjut yn it Gryksk just nèt in doetiid, mar it *risseltaat* of de *tastân* dy't dêrút wei komt yn 'e *notiid*. Mei oare wurden: it giet net om 'e ferfolgings doe, mar om de feitlike tastân no (of eins sels yn 'e takomst), as wy de belâns opmeitsje kinne en fêststelle dat *dit* de slimste ferfolging is. Ik haw dat besocht út te drukken mei *sa't der net oan te wizen is*.

Itselde sa'n bytsje spilet yn fers 25, dêr't hast alle oersettings sokssawat jouwe as 'Ik haw it jimme foarút sein'. Ek dat is in perfektum, en ek dêr giet it dus net om it feit dat it sein wurden *is*, mar om it gefolch dêrfan, dat de learlingen *no* witte wêr't se oan ta binne. Ik haw dat mei in ekstra *no* útdrukt, en de sin fierder sa litten. Faaks kaam *Sjedêr; no bin Ik it mar kwyt* of *Sjedêr, no witte jim wêr't jim oan ta binne* der lykwols noch wol tichterby.

mominten

Faak brûkt it Gryksk in haadwurd om it momint oan te jaan dat it ien of oar te barren stiet. Sa kin it tradisjonele 'keninkryk', dat yn prinsipe 'keningskip' of 'hearskippij' betsjut, faak goed oerset wurde as 'it *momint* dat Gods keningskip begjint, en 'yn it keninkryk fan God' as 'as Gods hearskippij begjint'.

Sokssawat spilet yn dit stik mei twa oare wurden. Yn fers 20 komt in wurd foar dat

tradisjoneel mei 'flecht' oanjûn wurdt. De NFBO jout it lykwols korrekt wer mei 'as jimme de wyk nimme moatte'. Ik haw allinnich *de wyk nimme* ferfongen troch *flechtsje*, dat neffens my op dit stuit gewoaner Frysk is.

Mar itselde spilet ek yn fers 27 mei it wurd dat fanâlds yn it Hollânsk as *wederkomst* werjûn waard. It giet lykwols net om in *kommen*, mar om in *oanwêzichheid* of in *reestean*. Neffens my jout de útdrukking 'as it safier is' presys oan wat it Gryksk hjir bedoelt. Guon meilêzers woene hawwe, dat kin allinnich brûkt wurde foar de befalling fan in frou of it smiten fan in ko, mar de betsjutting is yn prinsipe breder - en oars dan past it noch binnen de byldspraak dy't de Bibel mei dat momint ferbynt. Tink bygelyks oan de 'fleagen' dy't op oare plakken neamd wurde.

krektens

It jout neat om in oare oersetting te bekritisearjen, mar ik fyn it wol fan belang om sjen te litten dat krektens yn *Lokkich binne jimme!* in wichtich kritearium is. Sa stiet der yn 'e NFBO yn fers 14 *de hiele wrâld*. Dat is dúdlikernôch, mar it Gryksk hat neist it gewoane wurd foar 'wrâld' ek in spesjaal wurd foar *de hiele bewenne wrâld*. Ynhâldlik makket it net folle út, mar wêrom soene jo dat stikje ekstra betsjutting net meinimme?

Yn fers 20 moatte de learlingen bidde dat it gjin 'winter of sabbat' is neffens de NFBO. Mar it Gryksk prissentearret it skerper: de learlingen moatte bidde dat it momint fan flechtsjen net yn 'e winter falt, *en ek net op 'e sabbat*. Wêrom krekt is in kwestje fan útlis, mar yn alle gefallen jout de tekst klear oan, dat it suver noch slimmer wêze soe as soks op 'e sabbat falt as yn it algemien by 't winter, en dy nûânse kin gewoan yn 'e oersetting meinommen wurde.

Yn 'e fersen 23 en 26 komme wy ticht by de sprektal: Jezus sitearret mooglike útspraken (of eins gjalpen) yn dy bange en ûnwisse tiid. De útrop *Sjoch!* stiet der trije kear: ien kear yn 23, twa kear yn 26. Yn 'e NFBO is dat twa kear wurden yn 23, en ien kear yn 26, mei de twadde kear feroare yn *Kom ris*. Mar 'kom ris' stiet der hielendal net, en wêrom soene jo dizze sfartekening feroarje? Nammers, de *achterkeamer* fan 'e NFBO haw ik wol wer feroare. It giet nammentlik om in ferburgen tahâlden yn in oarlochssitewaasje, en dêr hawwe wy it wurd *ûnderdûkt* foar sûnt 1940-1945.

De NFBO hat it yn fers 24 oer grutte *wûndertekens*. Mar der steane yn it Gryksk twa wurden, dy't ik werjûn haw mei *tekens* en *merakels*.

Ek yn fers 27 kin it wol kreker. Dêr stiet dat de wjerljocht oan 'e iene kant *ûntstiet* en oan 'e oare kant ta *rikt*: de hiele himel stiet eefkes yn 'e lôge, der binne gjin tsjustere stikken. Dat is fan belang om oan te jaan, dat it momint fan 'e Minskesoan net te missen is: it sil oeral te sjen wêze. Yn 'e NFBO is dat dochs ûnmedich ôfswakke, of better sein, in oar aspekt wurdt nei foaren helle, nammentlik net fan it ljocht dat rûnom skynt, mar fan it flugge en it ûnferwachte: 'Lykas de wjerljocht troch de loft sjit fan east nei west'.

Sa ek in pear details yn 'e fersen 30 en 31: de *folken* fan 'e NFBO lykje deselden as de *folken* yn fers 14. Mar yn it Gryksk steane der ferskillende wurden! Yn fers 30 stiet it wurd dat meast mei 'stam' oerset wurdt, en dat haw ik hjir dan ek dien. It is altyd de fraach oft sa'n fariaasje werklik betsjutting hat, mar wêrom soene jo him ûnsichtber meitsje? Sa is it ek mei de *einen fan 'e wrâld* yn fers 31: letterlik stiet der *hoeken fan 'e himel*, en wat is dêrop tsjin? It jout it wrâldbyld fan dy dagen wer: de himel dy't as in soarte fan tinte oer de ierde hinne stiet. Dat dat wrâldbyld uzes net is, hoecht de oersetting net te beynfloedzjen. Boppedat: wy leauwe dochs ek net mear dat de ierde 'einen' hat?

in sprekward

As lêste wol ik noch wize op it sprekward yn fers 28. Hoe sette jo soks oer? Op himsels is it dúdlik: dêr't in dead bist yn it fjild leit, dêr komme de iesiters. Dochs kin it dêr foar myn gefoel net mei ta, omdat sa net dúdlik wurdt wat hjir mei it sprekward bedoeld wurdt. Is it in spultsje fan 'dêr't reek is, dêr is fjoer'? Dus: as jo de tekens sjogge, dan kin net ien mear ûntstride dat de ein fan it tiidrak

oan 'e gong is? Nee, it giet om wat oars: de learlingen moatte der net yn traapje as minsken optrede as sabeare Kristussen en sabeare profeten. Jezus warskôget se dêrfoar troch se yn te druien: syn kommen sil folslein dúdlik wêze foar iderien, se hoege dus net op ynformaasje fan treden ôf te gean. Se hoege der net oer yn te sitten, dat se net witte sille wêr't Jezus Him by syn komst oppenearje sil: dat wurdt wol dúdlik oan 'e tekens. No komme wy op it ferbân mei it sprekward: jo hoege net te sykjen om in dead bist yn it fjild: dêr't it bist leit, dêr sjogge jo de gieren *wol* hinne fleanen. Dat wurdse *wol* brûke wy om oan te jaan, dat in beskate soarch of fraach ûnnedich is, en dêrom haw ik dat wurdse der ek by dien yn it sprekward.

© Stifting FB21 / Liuwe H. Westra